

Tsjil

Tema: wêr wennesto?



Jiergong 26 | nûmer 6 | maart/april 2023

Wenje yn in AZC

In dak boppe dyn holle

Pesto fan hoannepoaten!?

Ynhâld

Kom Fierder 3

Gedicht 4

Sjoch my 5

LinKke side 6

Der op út 7

Tsjilpost 8-9

Koart ferhaal 10-11

Tsjille fragen 12-13

Tsjek it out 14

Tsjek dit 16-17

Efkes foarstelle 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20

5



7



18



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Einredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Tekstkorreksjes:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Jacob van Essen, Hoge Noorden

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 www.cedinonderwijs.nl/tsjil
ISSN: 1389-348X

Abonnemintsprizen 2022-2023:
Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oaanmelde

It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassepakket útjûn.

Abonneminten op Tsjil binne
trochriinnende abonneminten.
Opsizzen fan it abonnemint kin foar
1 juny fan it rinnende skoaljier.

TAALPLAN
FRYSK
2030

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Kom Fierder

In dak boppe dyn holle

Yn dizze Tsjil giet it oer wenjen. Foar de measte minsken yn Fryslân is dat goed regele. Wy hawwe in dak boppe ús holle, kinne nei ús eigen húske (wc), hawwe in plak om iten te sieden en kinne ús jûns feilich deljaan. Dat soks net foar elkenien fanselssprekkend is, witsto ek. Wy kinne it ús no net foarstelle mar ast dyn hûs ferlitte moastst of ferliest troch bygelyks oarloch, natuergeweld of eangst, liket my dat ferskriklik. Op in oar plak krije minsken meastal wol in tydlik wenplak, mar fielt sa'n hûs dan wol as thús? Yn de nijste Tsjil Tsjekt sil Raynaud it dêr ek mei jim oer ha.

Yn Fryslân wiene yn it ferline in soad minsken earm. It wie hurd wurkjen foar in pear sinten. Dêr kaam op guon plakken ek noch de striid tsjin it seewetter by, dêrom hawwe de minsken terpen boud. De spoaren fan dizze tiid binne noch altyd werom te finen yn ús lânskip en yn musea. Yn de rubryk 'tsjek it out' fynst tips foar útstapkes om dit mei eigen eagen te besjen.

Fierder fynst yn dizze Tsjil ek in soad aardige tips tichtby hûs. Tink mar ris oan pesto meitsje fan 'ûnkrûd' of it flechtsjen fan in einekoer, en fansels is der wer in moai boek te winnen mei de trochstreekpuzel. Yn Spoar 8 steane trouwens ek moaie projekten dy't by dit tema oanslute, sa as *Hûs te keep*, *Dit is myn buert* of *Praat mar toaniel - Jungleboek!*

In soad lêswille tawinske!



Groetnis, Tjitske



Sjochsto hokker plak dit is?

Tip: 4.5 12.5.13.13.5.18 🤔

MYN RIVIER

in smelle strjitte mei mar ien hûs
der komme hast gjin minsken del
it rûkt nei konifear en reinwetter
soms woe ik dat it in rivier wie

dan soe ik nei de boaten sjen
en as it simmers te waarm wurdt
op de stoepe sitte
mei de fuotten yn it wetter

dan kin ik in angel útsmite
troch it finster fan myn keamer
ik nim in foto yn myn holle
as ik fiskje yn myn fantasy

en yn de winter as it friest
ride se op redens en op sliden
by ús del, mei reade wangen
fan de wille en de kjeld

en asto fregest hee wêr wennesto?
dan kin ik sizze 'ús buorlju
binne fisken, reizgers en toeristen
kom mar ris mei, it is gesellich!'

soms woe ik dat it in rivier wie
mar it is sa stil, sa stil as stien
der komme hast gjin minsken del
in smelle strjitte mei ien hûs

ASMA



Wenjet yn in asylsikerssintrum

It iene bern wennet yn in rychjeshûs, it oare op in pleats en wer in oar yn in bungalow. It kin allegear! Miskien hasto ek wol klasgenoatsjes dy't yn in asylsikerssintrum wenje. Witst net wat dat is? Dan kin Asma (9 jier) dy der alles oer fertelle.

Asma wennet nammentlik yn it asylsikerssintrum (AZC) yn Sint-Anne. Yn in AZC wenje minsken dy't flecht binne út har thúslân, om't it dêr net feilich is. It is meastal in grut terrein mei allegear huzen of steancaravans. Dêr wenje minsken fan ferskillende kultueren byinoar.

'Ik kom út Sanaa yn Jemen', fertelt Asma. Dat is in lân op it Arabysk Skiereilân. Sûnt 2015 is it dêr oarloch. 'Doe't ik ien jier wie, ferhuze ik mei myn heit, mem, broer en sus nei Maleisië, yn Azië. Dêr bin ik opgroeid en wenne ik oant ik acht wie.' In jier lyn kaam Asma yn Sint-Anne te wenjen.

Skoalle om de hoek

Dêr giet sy ek nei skoalle ta. Fier hoecht Asma net te rinnen, want de skoalle is in pear doarren fierder. 'Wy begjinne de dei mei lêzen. Dêrnei meie wy bûtenboartsje', fertelt Asma. 'Dan is it

tiid foar taal.' Asma hat it Nederlânsk al behoarlik ûnder de knibbel. 'Om't ik jong bin, lear ik hurd!'

Dêrnei is it tiid foar stavering (spelling). 'Oan de ein fan de dei meie wy dûnsje, nifelje (knutselen) of frij boartsje. Dat fyn ik it alderleukste, want dan kin ik lekker kreatyf wêze!'

Freondintsjes yn de buurt

It foardiel fan yn in AZC wenje, is dat dyn freondintsjes altyd yn de buurt binne. 'Myn bêste freondintsjes komme út Libanon, Syrië en Belarus. Dêr praat

ik Arabysk en Nederlânsk mei.' De famkes binne meastal oan it fuotbaljen of fytsen. Der is ek in jeugdsoas. 'Dêr kinne wy boartsje.'

De oergong fan Maleisië nei Nederlân wie wol efkes wennen. 'Ik fûn it hjir hiel kâld. Dêr hie baba (heit) my al foar warskôge.' Wat Asma ek fuort opfoel, is dat Nederlanners hiel lang binne. 'Myn famylje en ik binne in stik lytser!' Ek de skoalle is oars. 'Wy krije hjir folle minder húswork as yn Maleisië! Mar dat fyn ik net sa slim', laket Asma.

Blommewinkel

Asma tinkt ek al nei oer letter. Sy wol it leafst blommist wurde. 'Dan kin ik moaie boeketsjes meitsje en minsken bliid meitsje mei blommen.' In eigen winkeltsje sjocht Asma wol sitten. 'Mar ik soe ek wol hjir op it AZC wurkje wolle. Krekt as de minsken dy't ús hjir faak helpe.'

Natuer yn dyn eigen doarp of stêd

By natoer tinkst al gau oan de bosk of oan de see. Of oare rêstige gebieten bûten it doarp of de stêd. Hielendal net nedich. Ek tusken de huzen is natoer. Giest mei op safary?

1. Stoepeplantsjes

Sjochsto wolris ûnkrûd tusken de tegels? Ast goed sjochst, binne it ferskillende planten en soms sels blommen. Se hawwe net iens safolle romte nedich. In soad planten groeie tusken kieren, muorkes of spleten. Pak dyn telefoan derby en meitsje mar ris foto's fan watsto tsjinkomst. In klaproas, of in hynstebloom miskien. Witst net wat it is? Sykje it op fia de app ObsIdentify (Naturalis).



2. Poepkeunstwurken

Hasto wolris sjoen dat in fûgel in ladinkje falle liet? Dat binne faak gjin lekkere stevige drollen. Nee, it binne fan dy smoarge flatsen. Sjoch mar ris om dy hinne: op dakpannen, beamstammen, auto's of op strjitte. Fynst ek net dat fûgels soms moaie keunstwurkjes fan poep meitsje? Puer natuer!

3. Húskeslakken

Hast it húske fan in slak wolris besjoen? Net alle slakken hawwe deselde kleur húske. Der binne giele, donkerbrune en sels rôze húskes. Slakken kinne net goed oer waarmte. Hoe ljochter de kleur fan it húske, hoe better se oer waarmte kinne. Troch klimaatferoaring binne der hegere temperatueren. Dêrtroch hawwe slakken mei donkere húskes it net maklik. Watfoar kleur húske hawwe de slakken dytsto fynst?



4. Skatten fiskje

Miskien tinkst dat der yn 'e fiver of grêft by dy yn 'e buert gjin bisten sitte. Neat is minder wier! Ek dêr swimt fan alles yn it wetter. Fansels ek faak stikjes plestik en oare rommel, mar ek fisken of ynsekten. Pak der mar ris in amer by en tekenje nei watst allegear tsjinkomst. Of meitsje in foto en download in 'zoekkaart'. Litst de bistjes dêrnei wol wer frij?



Perronpapegaaien & Krekkelcriminelen

Auke-Florian Hiemstra is bioloog by Naturalis en presintator fan Willem Wever. Koartlyn skreau er it boek Perronpapegaaien & Krekkelcriminelen. Dat giet oer bisten en planten yn 'e stêd. De foarbylden yn dit artikel komme út syn boek.

HOANNEPOAT

HOANNEPOAT

Nederlânsk:

Zevenblad

Latyn:

Aegopodium podagraria

Hoannepoot, siedsjes struie, ûnderweis wêze, hokker krûd soe dat no wêze?

Dizze kear ha wy it oer in plantsje dat hast elkenien yn de tún hat, it sânblêd (of de hoannepoot). Ast hoannepooten yn 'e tún hast, komst der hast net fan ôf. Dat hoecht ek net want it is hartstikke sûn om te iten! Faak fertelt de namme al wat oer it krûd. By it sânblêd sitte der meastal fiif oant sânbledsjes oan de stâl. De Latynske namme is Aegopodium podagraria. Aego komt fan it Gryskse wurd aix,

dat geit betsjut. Podion (podium) betsjut lyts fuotsje. Soene se no foar dizze namme keazen ha om't geiten it plantsje graach ite of liket it blêd op in geitepoatsje? Podagera is Latynsk en betsjut jicht. En dan binne wy fuort al by de wurking fan it sânblêd. Want it krûd wurdt ynset tsjin jicht, in ûntstekking yn 'e foet of in gewricht. Witsto wol dat de Romeinen it sânblêd hjirhinne brocht hawwe?

De Romeinen wiene altyd ûnderweis om lân te ferôverjen. Dizze soldaten hiene fansels ek iten nedich en sy fûnen it sânblêd in hiele goede griente om te iten. Dat oeral dêr't se kamen, struiden se siedsjes fan it sânblêd. Sânblêd sit grôtfol fitaminen en oare goede stoffen foar ús lichem. Der binne allegear lekkere resepten mei sânblêd en hjoed diel ik sa'n resept mei jim.

Resept: pesto fan Sânblêd

Do hast nedich: 75 gr sânblêd, 70 gr raspe tsiis, 1 teantsje knyflok, 3 radyskes, 50 gr cashewnuten, in heal appeltsje, sop fan in heale sitroen, 50 ml oliifolje, piper en seesâlt.

Waskje it sânblêd troch it goed ôf te spielen mei wetter, dip it mei keukenrolpapier drûch en snij it yn reepkes. Snij de knyflok yn lytse stikjes. Waskje de radys, meitsje it drûch mei keukenrolpapier, en snij se yn twaen. Snij de heale apel yn stikjes.

Doch dit tegearre mei it sitroensop yn in blender of staafmikser, lit it efkes mealle en foegje dan de oliifolje en cashewnuten ta. Meal dêrnei bytsje by bytsje de tsiis dertroch. It moat der útsjen as in soarte fan tsjokke yochert (as it te tsjok is, kinst der noch ekstra oliifolje by dwaan). Bring it op smaak mei wat piper en seesâlt.

Pesto is hearlik op stokbôle, troch pasta, by sop of yn 'e salade. Tinkst der wol om datst it goede krûd plôkest?



Wêr wennesto?

Minsken hawwe iten en drinken, klean en in dak boppe de holle nedich. Sokke dingen binne in earste libbensferlet (levensbehoefte). Net elkenien wennet yn in selde soart hûs. Lês hjirûnder de stikjes tekst oer ferskate soarten wenningen en set de sifers by de jûste foto. Welke bewenner hat wat sein?

- ① Ik hâld net fan in tún.
Dat is my te folle wurk.
Dêrom wenje ik yn in diel fan in grut gebou.
Ik wenje op tsien heech.
Mei de lift bin ik der samar.
Ik sjoch oer de hiele stêd hinne.
In prachtich útsjoch!
- ② It is it jier 1880
Wy binne hiel earm.
Us hûs is makke yn in dei.
Wy hawwe in gat yn 'e grûn groeven
en de muorren binne fan pölen leam en reid.
Der sitte lytse rútsjes yn.
- ③ Wy wenje yn in prachtich grut hûs.
Mei in stâl foar de hynders.
Om ús hûs leit in grutte tún.
Der is ek in stikje bosk by.
It hûs fan de buorlju leit efter de bosk.
It is krekt as wenje wy dêr allinnich.
Wy hâlde fan rêst.
- ④ Ik wenje yn in hûs.
dat oan oare huzen fêstsit.
Oan beide kanten ha wy buorlju.
Wy meitsje faak in praatsje.
Dat fyn ik gesellich.
Foar en efter ha wy in stikje grûn.
Dat hoecht foar my net grutter.



Ryckjeshûs



Filla



Flat



Spitkeel

⑤ Ik wenje op it wetter
mei útsjoch op lytse einepykjes yn 'e maitiid.
Yn 'e simmer farre de boatsjes foarby.
Yn 'e winter kin ik somtiden sa op it iis stappe.
Op 'e wâl haw ik in parkearplak foar myn auto.
Ik haw in grut gefoel fan frijheid.

⑥ It is it jier 1920
Wy wenje yn 'e Wâlden.
Us hûske is fan stien.
Foaryn is ien keamer mei bedsteden.
Achtern is romte foar wat fee.

⑦ Romte haw ik hast net nedich,
ik bin gau tefreden.
Alle hoekjes binne praktysk yndiel
en it soe myn lytse hûske ek nochris ferpleatse litte kinne.
Ik kin net in soad minsken tagelyk op besite ha
mar bin wol lekker gau klear mei skjinmeitsjen.

⑧ Mei ús buorlju wenje wy ûnder ien dak.
Wy diele de achtertún mar der sit wol in sket tusken.
Us huzen binne oan 'e binnenkant hast itselde
yndiel mar dan yn spegelbyld.

⑨ Wy wenje yn it hûs dêr't pake en beppe eartiids wennen.
Wy hawwe in hiel soad romte
mar dat is net allegear om yn te wenjen.
Us hûs is oan 'e foarkant
en achtern is de stâl dêr't pake eartiids kij yn hie.
Ut de keamer wei ha wy in skitterjend útsjoch oer de lannen.

⑩ Wy wenje yn in moai rom hûs.
Mei in grutte tún der omhinne.
Ik hâld fan beammen en blommen.
Wy ha ek buorlju.
Mar der sit in hage tusken.
Sa ha wy gjin lêst fan inoar.



Tiny house



Twa ûnder ien kap



Wenboat



Pleats



Frijsteande wenning



Wâldhûske



Hoefolle dagen is hy no al ûnderweis, freget de Jonge him ôf. Dagen en nachten rinne troch inoar as flarden fan dreamen dy'tst krekt net gripe kinst. Oerdei kiest de Jonge it paad, nachts as de moanne en stjerren de iennige ljochtpuntsjes binne, is it de Fûgel dy't harren mei syn nachtlinzen it paad wiist. Wêrhinne witte se net, as it mar fier fuort is. 'Frijheid!' ropt de Fûgel. De Jonge hat him in pear wurden leard. Wurden fan gewicht om it lichter te meitsjen.

It Famke hat de tekkens opskodde en de ruten fan de keammerkes tichtdien. Jûns kuollet it ôf. De flam fan de lúsjeferers kuiert de drûge tûkjes yn dy't al gau ien wurde mei de grouwe blokken hout en sa it hûs waarm ferljochtsje. De Kat rôlet him op it kessen op, de swarte facht glânzget yn it hurdfjoer.

De Fûgel is it iennige dat hy meinaam hat. En in holle fol gedachten wêrfan't hy net seker wit oft hy se ûnthâlde wol. Gedachten oer hoe't it west hat en gedachten oer hoe't it wurden is neidat troch de knallen syn hûs gjin thús mear wie en syn boartersguod ferbrând wie. Gedachten oan de stêd dêr't de fuotten soms gjin gryp mear hiene op de grûn as dy trille fan eangst. Gedachten oan de flitsen dy't de stêd tydlik ferljochten, wêrtroch de fernielde gebouwen en de deade minsken efkes sichtber waarden.

De Jonge sjocht oer syn skouder. Dat docht hy faak. De Fûgel fljocht in stikje werom. Krekt as de Jonge in rideling (rilling) fielt by it idee dat de Fûgel no miskien foargoed ferdwynt, skitterje de blauwe wjukken alwer troch de loft en fleane him temjitte. 'Feilich', krast de Fûgel, en lânet op it

skouder fan de Jonge. In hiel djippe sucht, de Jonge rint fierder, de Fûgel leit syn kop tsjin syn hals. Yn stilte reizgje se fierder, lâns rivieren, oer bergen, troch greiden sûnder ein.

It Famke núndert it liet dat se aanst hearre litte sil. De panne mei molke set se op de kachel. Se slút har eagen, de tsjokke lucht fan kakao snúft se djip har noas yn. In hap sûker ferdwynt yn har mûle, gau slynt se noch in leppel fol.

It farske grien docht him sear oan de eagen. 'Sjoch, Fûgel! Hjir groeie ek nûtsjes! En fruchten safolle ast wolst.' De blauwe wjukken fleane behindich tusken de beammen troch. De swarte poaten hippe fan tûke nei tûke dêr't de Fûgel mei syn snaffel nuten en fruchten los byt. De Jonge pakt se mei twa hannen op en triuwt se yn syn mûle. De Fûgel boppe him ferjit hast te azemjen tusken de happen troch. Oprolle op in sêft bêd fan moas, de Fûgel op in tûke boppe him, falt hy yn in ûnrêstige sliep. Syn liif is net mear wend oan iten. De drokke bûk giet oer yn in drokke holle fol drokke dreamen.

It prikken fan de tikjende snaffel op syn fingers makket him wakker.

'Hâld op Fûgel, ik wol net mear rinne.' De Jonge leit in earm foar syn eagen. 'Frijheid! Feilich!' krast de Fûgel fel troch de loft.

'Do hast gelyk', seit de Jonge. In bytsje stiif komt hy oerein. Hy follet de bûsen mei nûtsjes. Stil stapt hy troch, de Fûgel knikkeboljend op syn skouder. Stilte, stappen, gedachten, eangsten, winsken, dreamen. Stilte, stappen, gedachten, eangsten, winsken, dreamen. Stilte, stappen, gedachten, eangsten, winsken, dreamen.

In lûd. Hy skrikt der net iens fan, sa prachtich is it. 'Hearst dat!?' freget hy oan de Fûgel. It bist hâldt de kop skeef. 'Muzyk!' Hoe lang is it lyn dat hy dat heard hat?! 'Kinsto sjen wêr't dat weikomt?' De blauwe wjukken ferdwine sûnder lûd de fierte yn. 'Hûs', ropt de Fûgel as hy gau dêrnei werom fleant.

It Famke leit fan skrik har sjongende seage del en komt oerein. In Jonge. Grutte eagen, klean los om it liif, smoarge hûd en in skitterjende blauwe Fûgel op it skouder. 'Do silst wol hongere hawwe,' seit se. Gau

iepenet se de doar. 'Jou dy mar lekker del', se gebeart nei de bank en pakte grutte kommen.

It Famke sprekt wurden dy't er net ken. Mar har eagen sprekke in taal dy't hy noch ken fan de minsken yn syn hûs, foardat de kûgels troch de loft fleagen en de loft op ûnferwachte mominten jankte.

De Kat rint op en del lâns syn foet, wylst er kopkes jout. It Famke riert troch de sop op 'e kachel en skuort bôle yn stikken foar de Fûgel.

Stadich leppelt hy de sop nei binnen. De Fûgel op it skouder fan de Jonge ûnder it tekken neist it Famke mei de Kat op skoat by de heard yn in stilte sûnder tiid. In stilte mei allinnich it spinnen fan de Kat en it knapperjen fan it fjoer. 'Thús!' ropt de Fûgel yn de taal dy't de Jonge wol ferstiet. Hy ferstoppet syn snaffel yn syn wjukken en falt yn in kalme sliep nei de lange reis.



Fragen nei it lêzen

1. De Jonge en de Fûgel binne op syk nei 'frijheid'. Wêr tinksto oan by it wurd 'frijheid'?

2. It Famke lit de Jonge yn har hûs en jout him sop en in plak om te rêsten. Wat hasto wolris dien foar immen dy'tst net of net sa goed kenst?

3. It Famke sprekt in taal dy't de Jonge net ferstean kin. Hokker talen kinsto ferstean of sprekke?

Yn de Tsjil Tsjekt fan dizze moanne giet it oer wenjen en Raynaud nimt dy mei! Hûzen feroarje geandewei de jierren in soad. Fan hoe't se boud wurde oant hoe't se der fan bûten en fan binnen útsjogge oant watfoar apparatuer der allegear yn te finen is. Mar it alderbelangrykste bliuwt altyd noch dat dyn hûs ek fielt as dyn thús. Datst dy der lekker yn fielt en der graach bist.



1 It hûs fan doe en no

'Ik bin best handich, al sis ik it sels. Dus ferbouwe en klusse doch ik thús gewoan sels. Mar in hûs bouwe, dat is wol echt efkes wat oars. Yn it ferline moasten minsken rekken hâlde mei hiele oare dingen. Sa waard in hûs wol op in terp boud, om't it dan altyd drûch stie. As wy no in hûs bouwe, dan wolle wy wer rekken hâlde mei bygelyks de duorsumens. Al dy feroaringen, dy binne dizze moanne te sjen yn Tsjil Tsjekt!'



2 Fan dyn hûs in thús meitsje



'Witte jim it ferskil tusken in hûs en thús? In hûs is gewoan it gebou, mar in thús giet mear oer it gefoel. Fielst dy der noflik, mei wa'tst der libbest, en bist der ek graach. Allegear saken dy't fan in hûs dyn thús meitsje kinne. Yn Pleinpraat sjocht Gaiske dizze moanne nei dit ûnderwerp. De flechtlingen út Oekraïne helpe wy hjir bygelyks safolle mooglik oan in nij tydlik hûs. Mar fielt dat hûs ek as in thús, lykas harren thús yn Oekraïne?'

3 Tûk wenje



'Ik bin gek op gadgets. Ik haw der dan ek behoarlik wat. Fansels om muzyk ôf te spyljen of de lampen automatysk oan te dwaan, mar wy hawwe ek in robotstofsûger en dweilrobot. Ideaal, hoech ik dat lekker net mear sels te dwaan. Tweintich jier lyn hienen wy noait tocht dat ditsoarte gadgets bestean soene, dus yn de takomst sil der fêst ek in hiel soad nijs wêze wat wy no net betinke kinne.'

4 Tjits yn har hûs

'Dan noch efkes wat oars. Hasto it hûs fan Tjits al ris fan binnen sjoen? Dat is net sa dreech, want yn de Tjits Floch kinst dat hast alle dagen sjen. En om dan hielendal yn it ûnderwerp te bliuwen, Tjits is thús ek oan it ferbouwen. Sa sjochst bygelyks yn har floch dat de badkeamer no klear is, mar dat der noch genôch oars gebeure moat.'



5 Tsjekt Tsjallenge



'Alle moannen kom ik foar Tsjil Tsjekt op in oare skoalle. Myn favorite ûnderdiel! Wolle jim no ek dat wy mei de kamera by jim delkomme? Doch dan súpargoed jim bêst mei Tsjil Tsjekt en stjoer ús oars ek noch efkes in berjochtsje fia social media. Dan sjoch ik jim ynkoarten wol foar in Tsjil Tsjekt Tsjallenge!'

Folgie Tsjil fia TikTok, Instagram en YouTube én doch mei oan Tsjil Tsjekt!



Utstapkes yn it tema wenjen

Wolle jim witte hoe't minsken eartiids wennen yn Fryslân? Gean der dan op út mei heit, mem, pake en beppe of jim klasse want der binne yn Fryslân genôch plakjes om dat te ûntdekken! By de measte musea is in spesjaal programma foar skoallen. Sjoch foarôf wol eefkes op de webside wannear't in park of museum iepen is en oftst ek reservearje moastst. Hjirûnder in oantal tips.

De Spitkeet, De Harkema

Yn dit iepenloftmuseum en temapark kinst ûnderfine hoe't de minsken op de Fryske en Grinzer heide wennen, libben en wurken yn de perioade 1850 oant 1950. De minsken wiene earm en it libben wie swier. It museum lit de ûntwikkeling sjen fan spitketen (plaggehutten) en holwenningen nei stiennen wâldhûskes. Kinste yn it park ek in speurtocht dwaan en boartsje yn de boarterstún.
www.despitkeet.nl

De Sûkereij, Damwâld

Yn dit iepenloftmuseum stiet it libben en wenjen yn de Noardlike Fryske Wâlden om it jier 1900 hinne sintraal. Kinste ûnder oaren wâldhûskes besjen dy't ynrjochte binne neffens hoe't it eartiids wie en learst hoe't minsken eartiids kofje makken fan sûkereij (chicoreiwortel).
www.desukereij.nl

It Damshûs, Nij Beets

It iepenloftmuseum yn Nij Beets lit jim op aktive wize sjen hoe't leechfeanturf makke waard en hoe't earme feanarbeiders libben en wurken yn de perioade fan 1863 oant ûngefear 1920. Sjochst de feroaring yn it lânskip as gefolch fan de turfstekkerij yn Opsterlân en Smellingerlân en kinste in besite bringe oan it Sudergemaal. Wolst in grut ferskil sjen tusken earm en ryk, gean dan mei in gids lâns skitterjende gebouwen, huzen en parken yn Beetstersweach, dêr't eartiids minsken fan adel wennen.
www.damshus.nl

Terpen Hegebeintum en Blije

Hegebeintum is in lyts terpdoarpke yn Noardeast Fryslân. De terp is mei hast njoggen meter de heechste fan Nederlân. Yn it besikerssintrum learst oer de skiednis fan terpen en kinste archeologyske fynsten besjen. Ek de tsjerke op de terp en de Harsta State binne te besjen. Foardatst op besite komst, kinste ek earst in gastles op skoalle krije.
www.terphegebeintum.nl
Wolst graach witte hoe't it lânskip derútseach foardat der seediken boud wiene? Kom dan nei de terp fan de takomst, boppe it doarp Blije.
www.sense-of-place.eu

Yeb Hettinga Museum en Zodenhuis, Furdgum

Yn it âld skoalgebou fan Firdgum fynst in streekmuseum mei archeology fan it Fryske terpegebiet. Ek is der in midsiuwsk seaddehûs (zodenhuis) neiboud. Dat is in hûs makke fan gersseadden (graszoden), nei in ûntwerp út it jier 700 nei Kristus.
www.yebhettingamuseum.nl

Staten en stinzen yn Fryslân

Wolst dy fergapje oan grutte en steatlike gebouwen dêr't de rykste minsken fan ús provinsje eartiids yn wennen? Sjoch dan op de webside www.statenenstinzen.nl. Dêr fynst hokker parmantige staten by jim yn de buert te finen binne.

Jim dogge dochs ek mei oan Tsjil Tsjekt?

Sa net, fregje dan fergees in koade oan.....




Wolkom by Tsjil Tsjekt! It programma wêrby't wy jim meinimme op in klassikale en ynteraktive reis troch alderhande nijsgjirrige tema's. En dat allegear presintearre troch Raynaud Ritsma, dy't foar dit nije programma ek wer nei jim, de skoallen, tagiet. Tsjil Tsjekt is dêrmei it meast leuke, learsume en nijsgjirrige programma foar de boppebou!

Ast dy thús fielst yn dyn auto



In man yn Dútslân is syn rydbewiis kwytrekke. Hy fielde him sa fertroud en feilich yn syn Tesla, dat er op de sneldyk efter it stjoer yn sliep fallen is. Syn Tesla 'autopilot' hat 15 minuten mei sa'n 110 kilometer yn 'e oere riden oant it momint dat de plysjes de man wekker krigen en him stopje litten ha. No mei er in skoft net ride... Hy wie net de earste bestjoerder dy't trappearre is wylst er efter 't stjoer lei te sliepen.



90 jier ferkear oer de Ofslútdyk

Opening Afsluitdijk voor verkeer



Noch wat oer ferkear. Yn jannewaris dit jier wie it eksakt 90 jier lyn dat it earste ferkear oer de doe nije Ofslútdyk gong. Wa fan jimme kin even gau útrekkenje oer watfoar jier wy it ha? De oanlis fan de Ofslútdyk wie yn dy tiid in geweldig grut wetterprojekt. Se ha fiif jier wurke oan de mear as 30 kilometer lange daam tusken de Sudersee (dêrnei: Iselmar) en de Waadsee. De earste dyk oer de Ofslútdyk wie in dyk fan betonplaten, no is dat in stik fan sneldyk A7.



In nij wenplak foar Rotterdamske kninen

Op Flylân ha se okkerdeis 26 knyntsjes fan de Maasflakte by Rotterdam krigen. Troch sykte gie it net goed mei de kninen op Flylân. De bistkes fan Rotterdam lykje better oer sykten te kinnen. Staatsbosbeheer hat tafersjoch op de bosk en dunen op Flylân. Meiwurkster Anke Bruin-Kommerij sei foar Omrop Fryslân dat se hopet dat der sa gau wer wat mear kninen op it eilân komme.



Wurdt Drachten skûtsjehaadsted?

Aktrise en skûtsjehawwer Regina Bijlsma wie op it nijs by Omrop Fryslân. Op in rotonde by Drachten, by de buertskip Nijtap, stiet in skûtsje. Regina hopet dat der wer mear oandacht komt foar de skiednis fan de skûtsjebouwers yn Drachten. In soad Drachtsters witte tsjintwurdich al net mear dat Drachten eartiids ferneamde skûtsjebouwers hie. Skûtsjes wiene oant koart nei de oarloch oan ta de frachtskippen dy't (as frachtweinen no) fan alles ôfleveren yn Fryslân en omkriten. Earst wiene se fan hout, mar letter fan izer. De lêsten binne om 1930 hinne boud. De skippersgesinnen wennen op har skûtsje. Net fier fan Drachten yn Earne-wâld is noch in moai skûtsjemuseum. Aardich om ris te sjen!



Panis Quadratus of wite boltsjes?

Witte wy wat minsken eartiids iten ha? Bôle ite sa as de Romeinen diene of moarnsiten sa as hjir yn de santjinde iuw? Do kinst it sels opsykje want der is in hiel aardige website Eetverleden.nl. Hjir fynst in stikje skiednis en resepten. Hjir in pear foarbylden:



Wêr binne 'ús' blaustirnsen?



Eartiids wiene der in soad blaustirnsen (zwarte stern) yn it Waadsee- en Iselmargebiet. De lêste 25 jier nimt har oantal hiel bot ôf. Omrop Fryslân seit dat ûndersikers tinke dat it te krijen hat mei it ôfnimmen fan de spjirring, in fiskje yn de Iselmar en Waadsee. Ynternasjonaal giet it net min mei de fûgel. Dus blykber is ús omjouwing minder geskikt wurden foar de blaustirns.



Einekuorren



Yn dizze Tsjil stiet wenjen sintraal. Ek bisten ha favorite plakjes om te wenjen. It plak dêr't in bist him it measte thúsfjelt, neame wy syn biotoop. De bosk, de greide, moerassen, de dunen en de see binne bekende biotopen. Yn sa'n biotoop sjochst ek wer ferskillen. Yn 'e bosk wennet it iene bist djip yn 'e grûn wylst it oare it leafste heech yn in beam sit. Bisten brûke harren biotoop om iten te sykjen, út te rêsten en harren jongen te krijen.



Dyn eigen hiem is ek in biotoop. Do wennest dêr, mar ek in protte bisten fiele har by de minsken thús. Om dy bisten in bytsje troch de tiid te helpen, kinst fan alles dwaan. Blommen en planten yn 'e tún soargje foar bijen en flinters. In fûgelhokje of nêstkastke jout fûgeltsjes in plakje om feilich te brieden. Under in bulte âlde blêden of tûken fielt in stikelbaarch him thús. Sa kinst ek de einen helpe. Einen briede graach yn in einekoer.



Der binne in protte einesoarten. De wylde ein komt it faakst foar en is de bekendste. By de wylde ein is it wyfke brún. Yn doarpen en stêden hat it wyfke ek wolris in oare kleur. Sa'n ein neame wy in nuete (tamme) ein, of in doarpsein. De wylde ein makket syn nêst oan 'e kant fan 'e feart. Se lizze acht oant tsien wite aaien. Doarpseinen briede graach yn in einekoer.

Einekuorren wurde makke fan reid of fan wylgeteannen. It reid wurdt yn 'e simmer al meand. Dan is it reid noch grien en taai en kinst dermei flechtsje (vlechten). De tinne tûkjes fan de wylch kinst it bêste yn de winter snoeie. In einekoer hingest op yn in beam by de feart of setst fêst op in trijepoat fan dikke tûken. Sa'n trijepoat hjit in strampel. In einekoer kinst keapje, mar it moaiste is om sels in einekoer te meitsjen. Op ynternet binne genôch filmkes te finen oer it meitsjen en it ophingjen fan einekuorren.



Sudoku

1	8		5	3				9
				1	4			
	7	2	4				3	5
	9	5			2	8	7	
7			8	6	4	9		
	1		9					4
2	6					5		3
5		1		2	9			8
			1	3	6	9		



Hynstesprong

De hynstesprong komt út 'e skaaksport. Dêr mei it hynder twa foarút en dêrnei ien nei links of rjochts springe. Yn dizze puzel stiet dit jier de namme fan in berop. In berop mei njoggen letters. De namme fan it berop begjint mei de reade letter. De lêste letter stiet yn it middelste fakje. In pittige puzel dizze kear mar miskien helpt it plaatsje al in bytsje. Kinsto de oplossing mei de hynstesprong fine? Mail de oplossing nei tsjil@cedin.nl

T	R	F
A	F	O
G	O	A


Trochstreekpuzel

Asto yn in hûs wenje wolst, moastst ien hiere, keapje of ien bouwe. Dêrom dizze kear in puzel mei allegear materialen fan de bou. De letters dy't oerbliuwe, foarmje ek wer in wurd dat mei bouwen te krijen hat. Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy foar **7 april** nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje en wat winsto in moai boek!

W	I	N	K	E	L	H	E	A	K	S	E	H	F	B
E	N	I	S	A	M	R	A	O	B	K	D	A	A	E
G	B	S	K	A	R	N	I	E	R	E	A	S	A	I
O	R	T	K	A	B	E	T	O	N	P	O	P	K	T
L	E	R	O	R	E	M	M	A	H	P	R	E	S	E
F	Z	O	T	T	E	G	E	L	K	E	K	L	S	L
P	I	F	S	T	L	Y	M	P	I	S	T	O	A	L
L	K	F	M	G	R	I	N	D	R	E	K	I	P	S
A	E	E	O	K	N	Y	P	T	A	N	G	E	I	S
A	R	L	T	E	E	N	N	A	P	K	A	D	E	K
T	B	F	E	R	F	K	W	A	S	T	E	N	G	R
B	U	I	S	G	U	L	P	G	L	Ê	S	K	A	O
K	E	Z	Y	N	D	O	A	R	S	Â	N	I	E	E
B	I	L	E	T	U	O	H	G	I	P	S	T	S	F

- | | |
|------------|------------|
| Beitel | Kit |
| Beton | Knyptange |
| Bile | Kroade |
| Boarmasine | Lympistoal |
| Brekizer | Plug |
| Buis | Sân |
| Dakpanne | Seage |
| Doar | Skaaf |
| Ferfwaste | Skarnier |
| Gips | Skeppe |
| Glês | Skroef |
| Golfplaat | Spiker |
| Grind | Tegel |
| Hammer | Tomstok |
| Haspel | Troffel |
| Hout | Winkelheak |
| Kezyn | |

Sukses!



De priiswinner fan de lêste puzels is **Welmoed Koopman út groep 6 fan ABBS de Fluessen yn Aldegea (DFM)**

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **WINTERSLIEP** en út de hynstesprong kaam **TIMMERMAN**.

EAST WEST THÛS BÊST



DER KOMME MEAR MINSKEN OP IERDE EN DY MOATTE EARNE WENJE. IT KLIMAAT FEROARET EN DAT FREGET OM NIJE HUZEN.




HOE SJOCHT JIMME HÛS FAN DE TAKOMST DERÛT?




WY BOUWE HUZEN EN STÊDEN ÛNDER DE GRÛN.



DER MOATTE DRIUWENDE HUZEN KOMME! DER IS WETTER GENÛCH!



WY KINNEYN DE ROMTE WENJE, DÊR IS IN SOAD ROMTE TUSKEN DE STJERREN.



DE MOANNE IS NOCH HIELENDAL LEECH!



WENJEYN DE BEAMMEN HEECH EN DRÛCH!



WY BOUWE IN RIDEND HÛS!

DAN KINNE WY OERAL OP DE IERDE WENJE!